

1a. By hokker talen dy'tsto yn dyn libben leard hast, waard de grammatika-fertaalmetoade brûkt?

b. Jou foar elk fan dy talen oan hoe effektyf oft dy metoade foar dy wie.

c. Jou foar elk fan dy talen ek oan hoe effektyf oft er yn dyn eagen foar de mearderheid fan dyn klas/kursusgenoaten wie.

2a. Wêrom brûke safolle learmiddels en dosinten de grammatika-fertaalmetoade, tinkst?

b. Hokker fraach út it húswurk fan de foarige kear komt op itselde del as de fraach by a?

3. Wêrom is de grammatika-fertaalmetoade frij gaadlik foar de lessen Gryksk en Latyn op gymnasiums?

4a. Yn it artikel *Methoden om een vreemde taal te leren* stiet in fragmint út it boek *Bûter, brea en griene tsiis*. Wat tinkst dat der yn de holle fan in Frysklearder bart as er de ôfbylde oefening docht?

b. Soe dy oefening foar dy (yn in oare taal) wurkje, tinkst? Wêrom wol/net?

c. Soe er wurkje foar dyn doelgroep (learingen yn fuortset ûnderwiis/mbo of Afûk-kursisten), tinkst? Wêrom wol/net?

5. Motivaasje beskiedt foar in grut part hoe goed oft minsken in taal úteinlik behearskje. Hoe motivearjend binne neffens dy de njoggen yn it artikel neamde taallearmetoaden foar:

a. de lesjouwer;

b. de learling/kursist?

6a. Mei hokker yn it artikel *Methoden om een vreemde taal te leren* neamde taallearmetoade komt CLIL it meast oerien?

b. Ljochtsje dyn antwurd by a ta.

c. Hokker teory oer taallearen/taalwinning heart by dy metoade?

7. Yn it artikel *Methoden om een vreemde taal te leren* wurde trije fyzjes op taal neamd: de strukturele, de funksjonele en de ynteraksjonele.

a. Hoe sille dosinten mei in útsprutsen fariant fan dy fisys oer CLIL tinke, tinkst? Motivearje dyn antwurd.

b. Hoe ferhâldt dyn fyzje op de Fryske taal him ta de trije neamde fyzjes? Ljochtsje dyn antwurd ta.

8. De twadde alinea fan it stik *Constructivisme is een slechte raadgever*

("Constructivisme is ... en geschiedenis") is frij abstrakt abstrakt en yngewikkeld skreaun. Fertel ris yn ienfâldige taal en mei in dúdlik foarbyld wat dermei bedoeld wurdt.

9. Yn it artikel *Constructivisme is een slechte raadgever* wurdt CLIL net eksplisyt neamd. Lis út dat CLIL heart by de konstruktivistyske manier fan learen.

10. De skriuwers fan it artikel *Constructivisme is een slechte raadgever* wize derop dat konstruktivistysk learen foar de iene doelgroep wol wurket en foar de oare net.

a. Foar hokker doelgroep wurket it wol?

b. Foar hokker net?

11a. Yn de alinea "Dit gaat ... (Rosenshine, 2012)" kinst in wichtige oanrekkommandaasje helje foar it oanbieden fan CLIL foar net-Frysktalige learders. Formulearje dy oanrekkommandaasje yn dyn eigen wurden.

b. Ast gjin CLIL brûkst, mar wol in soad selswurksame opdrachten joust, kinst ek in oanrekkommandaasje foar dyn lessen út dy alinea helje. Formulearje dy yn dyn eigen wurden.

c. Wat soe it doel wêze fan stúdzjefragen lykas it húswurk datsto no makkest, tinkst?

12a. Hasto by it lêzen fan it stik *Constructivisme is een slechte raadgever* in wurdboek brûkt?

b. Wêrom wol/net?

c. Hoe soe de eksplisite ynstruksje om der in wurdboek by te brûken it proses fan kennisfoarming yn 'e holle helpe kinne, tinkst?

13. As it goed is, dan kinst op basis fan de literatuer dy'tst lêzen hast, no ynsjen dat lesjouwers in dilemma ha: oan 'e iene kant krije se it advys om by begjinnende learders op in eksplisite, kognitive manier kennis oer te dragen . Oan 'e oare kant witte jim dat in protte minsken net fan dy goede kognitive learders binne.

a. Hoe is dat probleem yn it algemien op te lossen, tinkst?

b. Hoe is it spesifyk op te lossen ast wolst dat dyn learlingen of kursisten alle wurden mei in i/ii/y/ie deryn goed leare te skriuwen?

14. Yn haadstik 2 fan *Frysk oan bod* kinst lêze wêrom't oft it foar de behearsking fan sawol it Frysk as it Nederlânsk better wêze soe as bern in grut part fan har fakken yn it Frysk krigen.

a. Wêrom soe dat net of amper op kosten fan it Nederlânsk gean, tinkst?

b. Wêrom soe it Frysk derfan profitearje, tinkst?

15. Hoe soe it neffens Cummins komme dat guon Frysktalige bern tinke dat "Ik wil een eindje te fietsen, maar mijn pakjedrager is breek" goed Nederlânsk is?

16a. Lis út datsto troch it lêzen fan *Frysk oan bod* en it beantwurdzjen fan de fragen dêrby ek dwaande bist mei CLIL.

b. Wat hast troch it húswurk fan hjoed oan dyn behearsking fan it Nederlânsk ferbettere, tinkst?

c. Hoe draacht it beantwurdzjen fan fraach b by oan dyn behearsking fan it Nederlânsk?

d. Wat hast troch it húswurk fan hjoed oan dyn behearsking fan it Frysk ferbettere, tinkst?

e. Hawwe de stúdzjefragen by it stik *Constructivisme is een slechte raadgever* derfoar soarge datsto by it lêzen fan it stik *Frysk oan bod* faker it wurdboek brûkt hast of wat googlele hast as datst oars dien hawwe soest? Ljochtsje dyn antwurd ta.